

# Easterein



## Foarwurd

Dit boekje wurdt jo oanbean troch doarpsbelang "Hâld Faesje".  
Wy hoopje jo hjirmei in bytsje paadwiis te meitsjen yn ús moaie doarpke 'Easterein'.

Doarpsbelang hat in sinjaalfunksje en fungearret as in soart trochjoulûk nei oare organisaasjes en probearret it doarp foar har bewenners leefber te hâlden.

Op dit stuit is doarpsbelang dwaande mei in doarpsfisy foar de kommende tsien jier. Ek wy binne benijd hoe't ús doarp der dan útsjen sil.

Fierders is doarpsbelang lid fan de organisaasje F.L.D. (Feriening Lytse Doarpen). Mei help fan dizze organisaasje kinne bepaalde dingen realiseare wurde.

Ha jo nei it lêzen fan dit boekje noch fragen, dan binne wy fansels altyd ree om hjir in antwurd op te jaan.


Ta beslút winskje wy jo in protte lêsnocht ta.

Doarpsbelang "Hâld Faesje".

## Yn âlde tiden...

Op it plak dêr't no it doarpke Easterein leit, streamde yn âlde tiden it seewetter troch de slinken. Eb en floed soargen der foar, dat it wetter hieltyd yn beweging wie en sân en klaai regelmjittich fan plak feroaren. By stoarmfloeden stienen grutte stikken ûnder wetter en hienen de minsken hâlden en kearen. Deunbij –yn it suden en easten- drige de grutte Middelsee. Wienen no har terpen mar wat heger en ek wat grutter!

Yn de rin fan de tiid sjogge wy dy terpen dan ek grutter en sterker wurden. En feiliger. Minsken út de omkriten kamen mear en mear op dizze hichten ta en sa waarden in terp –of meardere terpen- it begjin fan in doarp of in stéd. It heechste punt wie faaks in geskikt plak foar de tsjerke (ek as flechtplak as it wetter ris hiel heech opkaam). Yn ferskate doarpen om ús hinne is dit noch dúdlik te sjen: de doarpstsjerke yn it sintrum, heech tusken de húskes der omhinne. Sjoch mar ris yn Wommels, Winsum, Burchwert, mar ek yn lytsere plakjes as Lytsewierrum, Iens en Hidaard.



"De polder fan Easterein."

Hoe sit dat mei Easterein? Ek it gebiet fan Easterein hie noch al wat fan dy terpen: Wyns, Eeskwert, Rispen, Stittens. Mar de hichte dêr't de tsjerke op stiet, is fan oarsprong gjin echte terp. Der is in grêft groeven en dy modder is brûkt om de tsjerke op te bouwen. Sa'n grêft om de tsjerke sjogge we net iens sa faak. Oer dy grêft leinen yn it ferline sân brechjes as strielen fan de sinne. En sa rûnen der ek strjitten út alle wynstreken nei de tsjerke ta. Dat is noch dúdlik te sjen, bygelyks op in loftfoto. Fan de grêft is it grutste stik bestean bleaun, fan de sân brechjes binne der noch mar twa oer.

Efkes werom nei de âlde tiden. De terpen mochten dan wat beskerming jaan tsjin it hege wetter, de driging fan oerstreamings bleau der altyd noch wyl. Under lieding fan de mûntsen fan it Hartwerter kleaster Blomkamp begûn men diken te meitsjen. Heech genôch om it wetter tsjin te kearen. Earst fan Hartwert nei de Klieuw. Doe fan de Klieuw nei Reahûs, Grutte- wierrum, Rien, Itens, dan nei Easterein en dan om Hidaard hinne werom nei de Klieuw. In dyk fan sa'n 10 kilometer lingte. Sa ûntstie tusken 900 en 1000 de Eastereinder Polder, miskien wol de alderearste fan Europa. As wy yn in goed healoere om dy polder hinne fytse –oer no ferhurde wegen- probearje wy ús yn te tinken, wat in heidens krewei dat wol west hat: 10 kilometer polderdyk opsmite mei skeppe en kroade!

Mar goed, de minsken yn de polder wennen dêr no wol wat rêstiger, mar foar oaren –bygelyks de minsken óp nei Wommels ta- jilde dat nèt. Is it in wûnder, dat der nei it jier 1000 noch méar fan sokke polders makke waarden? De Eastereinder Polder wie it grutte foarbyld. Oeral yn it rûn seagen jo polderdykjes, wer achter de minsken har feilich (?) fielden. It wie al om 1500 hinne, dat der fan ferskillende fan dy dykjes ien grutte "ôfslútdyk" makke waard: de Slachtedyk, sa'n 40 kilometer lang. Sa probearren wy de see fan ús ôf te hâlden.

*(folle mear ynformaasje kinne jo lêze yn it boek 'Easterein', dat yn 1995 ferskynd is.*


*De titel fan it boek 'Easterein' is fan de hân fan de skriuwer Van der Fenneg.*

## Easterein, doarpke tusken griene greiden.

Fanâlds moast Easterein it ha fan it griene lân der omhinne. Oeral stienen boerespultsjes en mûnske buorkerijen. De grutte boeren hienen ien of twa arbeiders en faak ek noch in faam. Oan de Sibadawei stie sûnt it ein fan de 19e ieu in bûterfabryk, dêr wurken ek moai wat minsken. (Ein 1964 is it fabryk sletten, dat wie in hiele slach foar it doarp) Nei de oarloch hie Easterein noch trije "timmerwinkels" en dy hienen fral wurk by de boeren yn de buert. It hynder moast sa no en dan nei de smid; no dy wie der wol yn Easterein. In strie- en feefoerhannel wie der ek. En gean sa mar troch.

Easterein wie mar in lyts doarp, mjitten nei it tal huzen. Yn it midden fan de 19e ieu stienen der mar in lytse hûndert huzen (nó goed 300).

Der wennen goed 500 minsken yn. Letter groeide it tal huzen en ek it oantal ynwenners: yn 1900 wie dat 700, nei de oarloch rûn it nei de 900. Pas nei 1990 kaam de gong der goed yn troch de nijbou by de Wynserdyk; it skommelt no om de 1000 ynwenners.



"Easterein, doarpke tusken griene greiden."

Winkels hat Easterein altyd in soad hân. Eastereinders fan boppe de 60 witte noch, dat der trije bakkers yn it doarp wienen. Twa grientekarren by de doarren lâns, dat fûn gjinien frjemd. Twa karkes mei peteroalje, in klompewinkel, in boartersguodwinkeltsje, ja wat wie der net allegearre te keap. It smiet ek net altyd sa'n soad op, mar men moast der wol fiere tochten troch waar en wyn foar meitsje. En wat wienen de paden nei de pleatsen soms wiet en smoarch.

Nei 1950, doe 'de needwet Drees' in soad minsken wat mear earmslach joech, ferdwûnen hiel wat sutelders by de doarren lâns. En hoewol it doarp grutter waard, sakke it tal winkels. De supermerken yn de stêd bliken goedkeaper en elk hie langer in auto. Lokkich bleau der in sûne middenstân oer yn Easterein, hast alles is der noch wol te krijen. Boppedat ha ferskate bedriuwen in plakje fûn yn en flakby Easterein. It binne meastal ek wer min ofte mear agraryske bedriuwen, soks past ek no noch it bêste by in doarp lykas Easterein.

Fan 1982 oant 1984 is it doarp alhiel renovearre en Easterein krige doe it stimpel fan "beskerme doarpsgesicht", dit hâldt yn dat men binnen dy kearn net samar wat feroarje mei, benammen oan it uterlik fan de wenningen.

## Tsjerke en toer.

It byld fan it doarp Easterein wurdt dochs wol bepaald troch de mânske Martinytsjerke. Dy stamt út de 12e of 13e ieu en is fan âlds in rooms-katholike tsjerke. Ferskate kearen binne toer en tsjerke opknapt, de lêste grutte restauraasje wie yn de 80-er jierren. De tsjerke is doe sa goed mooglik wer yn de âlde staat werombrocht. It koar is by it skip lutsen, de banken en stuollen binne fernijd en der is in nije (flier)-ferwaarming yn oanbrocht. Ek it prachtige Hartdorff-oargel út 1870 is doe restaureare.



*"De Foarbuorren, fan âlds it paad nei tsjerke ta. Yn it ferline stiene hjir hiel wat winkeltsjes.*

*It karakter is lokkich goed bewarre bleaun."*

It oksaal –de kreake- stamt út 1554 en is – tinke wy- boud troch de Flaming Hein Hagart. Doe't de reformaasje ek hjir kaam en in soad Roomske bylden e.o. út de tsjerke weihelle waarden, bleau it oksaal yn de tsjerke. Gelokkich mar, want it is in seldsum en seldsum móai ornamint.

De toer hat ea heger west, mar troch de wjerljocht rekke yn 1672 de spits sa stikken, dat hy ôfbrutsen wurde moast. Letter is der in nije, koartere spits foar yn it plak kommen. En sa kinne wy him hjoed de dei noch.

Der is noch in twadde tsjerke: de grifformearde tsjerke oan de Wynserdyk. Hy is boud yn 1902. Nei de 80-er jierren, doe't grifformearde en herfoarme as "samen-op-weg"-gemeente fierder gongen, waarden beide tsjerken óm en óm brûkt, mar yn it jier 2000 is it gebou oan de Wynserdyk fan 'e hân dien. It wurdt no partikulier bewenne, mar oan alles is noch te sjen, dat it hast in ieu lang in Godshûs west hat.

Yn de toer fan de Martinytsjerke hingje twa klokken, de lytse (út 1645) en de grutte (út 1468). Elke wurkdei kin men de lytse klok hearre om acht oere de moarns, om tolve oere middeis en om seis oere de jûns. It lieden jout de tiid oan fan it wurk of krekt de ein fan it wurk. Wy ha no ús klokjes, mar dat wie eartiids noch net sa...

Op sneontejûn (yn de winter sneontemiddei al) liedt de grutte klok, as de sinne ûnder giet. It kundiget it begjin oan fan de snein, of –sizze oaren- it begjin fan in nije wike.

As jo op in moarn om njoggen oere beide klokken lieden hearre, dan is der yn Easterein ien stoarn. Hearre jo dat de middeis om trije oere, dan is der ien út it doarp stoarn, dy't bygelyks yn in ferpleechhûs om utens wenne. Ek op de oere fan de begraffenis beierje de beide klokken oer it doarp en fier dêr omhinne. It binne deselde klokken, dy't op it krystfeest, peaske en pinkster de minsken fertelle wolle, dat it feest is ... Tsjerkeklokken, boadskippers fan leed en lok !



## De middenstân mei der wêze.

In doarp, dat syn middenstân kwyt rekket, buorket achterút. Easterein hat it gelok, dat it him oant hjoed-de-dei ta aardich sels bedrippe kin. Foar de deistige dingen kin men yn it eigen doarp terjochte. Foar it iten en drinken kinne jo nei de supermerk en de slachter. Wolle jo in hûs bouwe, de timmerman is der en de skilder en it elektrysk-technysk ynstallaasjebedriuw ek. It skjinmakbedriuw wol ek noch wol skjinmeitsje. De gerdinen en it tapyt kinne yn eigen doarp besteld wurde. Foar it beteljen: de Rabobank is der wol en it postkantoar is by de winkel yn. Jo kinne sawol nei de dokter as nei de kapper, in nije fyts of in nije auto kinne jo yn Easterein wol keapje. In trekker ek wol. Jo karavan kin fertroud yn de winterberging. It leanbedriuw soarget der foar, dat it gers fan it lân komt en dat de sleatten op 'e tiid úthekkele wurde. Feefoer en keunstmest kinne jo ticht by hûs keapje. Oan de Sibadawei stiet in grutte drukkerij.

Foar it doarp is it fan it grutste belang, dat de eigen middenstân in sûn bestean hat. Alle bewenners ha der belang by en de útstrieling nei de regio wurdt dêrtroch folle grutter. In protte fan de niisneamde bedriuwen wurkje nammentlik ek yn de wide omjouwing. We wize yn dit ferbân ek op it pleatslik kafee, dat brulloften en feesten fersoarget foar minsken út de wide




omkrite. Op sneontejûn lûkt it fakernôch kloften (jonge) minsken mei bekende muzykgroepen... Ek it jongereinhûs "de Tsjerne" hat in goede namme. (It boppesteande rychje is net folslein. It wol allinne mar in byld jaan fan de mooglikheden, dy't it doarp Easterein jout oan de ynwenners en oan de regio)

## It ûnderwiis.

De jongste bern út Easterein en omkriten kinne, as se hast trije jier binne, nei "de Poaskepôle". Sa'n 30 pjutten meitsje dêr in pear moarnsskoften yn de wike gebrûk fan.

De kristlike basisskoalle "De Foareker" stiet oan de súdkant fan it doarp. De skoalle is boud yn it begjin fan de 60-er jierren en bestie doe út trije lokalen. Ferskate kearen wie de skoalle te lyts en moast útwreide en oanpast wurde. No binne der seis leslokalen, in boarterslokaal en in mienskipromte. It tal learlingen skommelt om de 150. Dêrfan komme in 15 út Hidaard, sûnt de skoalle dêre te lyts waard en opdûke moast.

As de bern fan skoalle geane, kinne se nei de Bogermanskoalle yn Wommels, of nei Snits of Boalsert, dêr't se kieze kinne út ferskate foarmen fan ferfolchûnderwiis.




"De Foareker"

## Sport en rekreaasje.

Oan de noardeastkant fan Easterein leit in prachtich sportkompleks mei twa fuotbalfjilden, oefenfjilden, tennisbanen, jeu de boulesbanen en noch in mûnske sporthal.

Dat is der net allegear sá mar kommen. It begûn nei de twadde wrâld-oarloch mei in stikje tsjerkelân, wêr't in fuotbalfjild fan makke waard. Mar ó, wat wie de grûn fan Easterein dreech en swier: yn 'e simmer hurd as beton en yn 'e winter swommen de eienen en seefûgels der soms op. Neat holp!

Om 1990 hinne gong it fjild foargoed oer de kop en kaam der (al wer) in nije drainaasje ûnder. En doe wie it slimste foarby: op 29 april 1991 koe it nije sportkompleks "de Skoalleseize" feestlik iepene wurde. (fan de opbringst fan dit stik lân betelle de Tsjerke eartiids de skoalmaster...) De sporthal stie der doe al in skoftke. Yn 1977 kaam dy klear. Alderhande sporten en eveneminten kinne der yn hâlden wurde en ek de skoalle makket der gebrûk fan.



*"De mûnske sporthal De Greidhoeke."*

De fuotbalferiening SDS (Sterk door Samenspel) waard oprjochte yn 1947, yn de tiid dat Easterein noch in echt keatsdoarp wie. De klupkleuren, swart en wyt, wize noch altyd op dy tiid. Nei in nuodlik begjin groeide de klup út ta in sûne en by tiden suksesfolle feriening mei sa'n 275 leden. Dy komme út de hiele regio. Der spylje ûngefear 20 ploegen yn de (sneons-)kompetysje, wêrfan 5 senioaren-alvetallen en twa yn de seal. It earste alvetal spilet al in oantal jierren yn de twadde klasse fan de KNVB.

Yn de simmer is it fjild fan de keatsers. Ek in sûne feriening mei ek sa'n 275 leden. Fral it tal jeugdleden is de lêste jierren flink tanommen. It keatsen libbet! Ien fan de hichtepunten is elk jier wer it meidwaan oan de Freulepartij yn Wommels. Op 7 augustus 1991 wûn it Eastereinder partoer de earste priis, doe wie it goed feest yn it doarp...

Njonken de sporthal lizze trije tennisbanen fan "Smash" en tusken de twa fuotbalfjilden yn kinne de hast 60 leden fan "Deun by" yn de simmer Jeu de boules spylje.

Sa is der op en by de sportfjilden altyd in soad drokte. Der binne romme parkearfjilden by oanlein en sawol yn de sporthal as njonken it fjild is in gesellige kantine. Hiel wat frijwilligers binne yn it spier om alles yn oarder te hâlden. It sjocht der netsjes út!

Der binne méar sportferienings. Se timmerje faaks wat minder oan 'e dyk, mar foar it sport- en rekreaasjeklimaat yn it doarp binne se like wichtich. De gymnastykferiening ODI (Ontspanning door Inspanning), de volleybalklup mei deselde namme, de damklup en de biljert- en kaartklup binne der in pear fan. Foar de wat âlderen is der yn it winterskoft soos.

## In eintsje om.

Der binne in oantal jierren lyn om it doarp hinne kreaze skulpepaadsjes oanlein. Jo kinne no yn trije kertier sawat om it hiele doarp hinne kuijerje. Wa wat mear tiid hat en it is moai waar, dan kinne jo ek 'de Pôlle om', diels by it wetter lâns. Jo komme dan oer 'de Pôlle'(Meilahûzen), in stik as wat huzen mei inkelde pleatsen der om hinne. It paad is hielendal ferhurde, jo kinne it ek fytse.

Ek de route fan "de Alddyk" kin yn in oere wol rûn wurde. It paad giet troch it lân tusken Easterein en Wommels en bestiet diels út in skulpepaad. Oer it fytspaad njonken de dyk Wommels-Easterein kinne jo dan wer werom.


It paad nei it Skrok bringt jo by it natuerreservaat. Yn de neiste takomst sil der in paad njonken dit reservaat oanlein wurde.

Fytsroutes geane wat fierder. In moaie rit giet oer Wommels, en dan werom troch de Súdhoeke wer op nei Easterein.

Jo kinne ek de Eastereinder Polder om fytse: om Hidaard hinne nei Reahûs, Lytsewierrum, Rien, Itens en werom nei Easterein.

Yn de lêste tweintich jier binne oeral fytsroutes útset, faaks oer ferhurde trekpaden by de fearten lâns. Jo komme de moaiste plakjes tsjin.

Itselde jildt foar boattochtsjes. By it kafee kinne jo kano's hiere en jo kinne alle kanten út. (Tink bygelyks ris oan de Marne-route!)




## Fûgelreservaat "it Skrok".

In pear kilometer bûten Easterein, op it ein fan de Skroksterreed, leit it fûgelreservaat "it Skrok". It is eigendom fan de feriening Natoermonuminten. Yn it hast 90 ha grutte gebiet briede in soad fûgels: ljippen, skriezen, strânljippen, tjirken, merkels, wylde eienen, mar ek de leppelbek(lepelaar), de hoants (kemphaan) en folle mear oare fûgels dogge it gebiet oan.

It wetterpeil wurdt heech hâlden, greppels steane faak fol mei wetter.

It gers wurdt neí 15 juny pas meand, dan binne de jonge fûgels al lang út it nêst wei. Dernei komme kij of skiep yn it nijgers en rinne dêr, oan it om it waar net mear kin.

Behearder is Jelle de Boer, dy't op it ein fan't Skrok wennet. Under syn lieding wurde fral yn it foarjier inkele ekskurzjes hâlden yn dit natuergebiet.



## It kulturele en maatskiplike libben.

Yn de simmer is der twa dagen doarpsfeest. De Oranjeferiening "Oranje en Heitelân" hat elk jier in programma, dat klinkt as in klok: in optocht, doarpskeatsen foar âld en jong, matinee, bernespultsjes, in tsienkamp foar de buerten, dûnsjen nei. Ek op 30 april wurde meastal aktiviteiten organisearre mei û.o. ek wer keatsen op it sportfjild.

Unmisber by sokke feesten is it fanfarekorps "Wilhelmina", mei sa'n 50 leden. Yn 1998 bestie it korps 100 jier en krige it predikaat "Keninklike". Op it feest, mar ek by tsjerketsjinsten, de yntocht fan Sinteklaas, by houliksjubilea e.o. is "Wilhelmina" te belústerjen.

Easterein makket noch mear muzyk: de groepen "Sebearre" en "Special Treatment" sille foar in soad minsken gjin ûnbekende nammen wêze.

It sjongkoar is sûnt de 90-er jierren kombinearre mei "Laus Deo" yn Wommels.

It nijs út it doarp kin lêzen wurde yn it doarpskrantsje "de Doarpskrite", dat ien kear yn de moanne ferskynt. It fuotbalnijs stiet yn "de Treffer" (ek ien kear yn de moanne).

De tsjerken jouwe ynformaasje yn "de Reinbôge"(acht kear yn 't jier).

Easterein hat ek noch syn doarpsomropper. Yn Frysk kostúm fytst hy soms it doarp troch en ropt in nijsje om. (in gearkomste dy't jo net fersitte moatte, in iepenbiere ferkeap, in lytse poppe berne...)

De belangen fan it doarp wurde befoardere troch de feriening foar doarpsbelang "Hâld Faesje"(dat wol sizze: hâld de gong der yn). Winsken en klachten fan de ynwenners, kontakten mei de gemeente oer húzebou, subsydzje-oanfragen, diken, ferljochting ensfh. wurde behertige troch Doarpsbelang.

Ek in skjin doarp stiet heech op har ferlanglistke. Dêr binne glêsbakken ek goed foar en op twa plakken kin it snoeihout dellein wurde.  
It muzykkorps hellet op de twadde sneon fan de moanne it âld papier op.  
Wa wol der no net yn in skjin en oprêden doarp wenje?


"Hâld Faesje" biedt jo ek dit boekje oan as in stikje ynformaasje. It wol jo in byld jaan fan it doarp Easterein. 'In pearle tusken de griene greiden'.  
sa stiet it yn it boek oer Easterein, dat yn 1995 útkaam en skreaun is troch Marten de Boer, Klaas Kooistra en Folkert Reitsma. Wolle jo in mear as kompleet byld ha fan Easterein, dan soene jo dat boek noch ris keapje moatte. (by ynstallaasjebedriuw de Jong of by drukkerij Van der Eems)

*Dit boekwurkje is op 'e nij besjoen en gearstald troch de hear J. Strikwerda yn gearwurking mei Doarpsbelang "Hâld Faesje" - augustus 2001.*

*Printe by Van der Eems, Easterein*



WOMMELS



~~Easterein~~

